

MUNLINGE FRAGEN / FRAGENOERKE op grûn fan kêst 40 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS/ Deputearre:	Schrier Ûnderwerp: Takomst sikehuzen-soarch yn Fryslân
	<p>De FNP hat begrepen dat der in stik ûnrêst is yn de sikehuzen resp. poliklinyk fan Drachten, It Hearrenfean, Snits en Dokkum en by de pasjinten dy't dêr gebrûk fan meitsje.</p> <p>Reden is de fiergeande konsintraasje fan medysk spesjalistyske soarch yn it MCL yn Ljouwert en it UMCG yn Grins. En as gefolch dêrfan it útklaaien fan funksjes yn de oare sikehuzen/soarchsinfra.</p> <p>It soe in gefolch wêze fan de koers¹ dy't 'De Friesland' fart om safolle mooglik saken te konsintrearjen yn Ljouwert en Grins. Dêrby soenen der allinnich mar bepaalde funksjes oerbliuwe yn de oare sikehuzen, dy't dan 'Themaziekenhuizen' neamd wurde.</p>
Fraach / fragen	1. Wat betsjut 'themaziekenhuizen' konkreet foar de sikehuzen fan Hearrenfean, Drachten en Snits? Hokker medyske funksjes/soarch sille dêrby krekt ferfalle yn dy sikehuzen?
	2. Ut de nije fisjy falt ûnder oare op te meitsjen dat der yn Snits, Ljouwert en Drachten noch sprake is fan akute soarch, mar yn Hearrenfean net mear. Kloppet dat? Sionsberg wurdt hielendal net mear neamd yn de fisjy. Watfoar rol sil Sionsberg spylje? Bliuwt it akute soarchoanbod yn alle gefallen oerdeis bestean? Sa nee, wêrom net?
	3. Wetlik binne soarchfersekerders ûnder oare ferplichte ta 'toegankelijke zorg'. Betsjut dat ek berikbere en beskikbere soarch, yn fysike ôfstân? Yn hoefier foldocht it nije soarchlânskip sa't dat neffens de fisjy fan 'De Friesland' opsteld is, noch oan in tagonklike soarch? Dat wol sizze dat de wichtichste soarchfunksjes binnen in heal oere autoriden beskikber binne? Yn dat ferbân wol de FNP der op wize dat yn it foaropwurd fan de fisjy fan 'De Friesland' skreaun wurdt fan 'dichter bij de mensen'
	4. Is oangeande de nije koerts oerlein mei de provinsje Fryslân? Sa ja, wat hawwe DS dêrby ynbrocht? Hawwe jim ynstimd mei de nije fisjy? Wat hat it Kolleezje ynbrocht oer it foldwaan oan beskikbere en berikbere soarch?
	5. PS fan Fryslân hat net belutsen west by it opstellen fan de nije fisjy fan 'De Friesland'. Lykwols, diskusjes oer de soarch hawwe

	wol alles te krijen mei leefberens, krimp, ensfh. Hoe sille DS de Steaten tenei better belûke by dit ûnderwerp en hoe sil 'De Friesland' dêrop oansprutsen wurde?
--	---

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Corlienke de Jong
---------------	---

Datum	31 oktober 2018
-------	-----------------